



Parseberjocht



Trije romans oer fergetten aspekten fan de oarloch yn Fryslân no yn ien bân bondele

Yn *De fergetten oarloch* binne trije oarlochsromans opnommen dy't in fergetten aspekt fan de Twadde Wrâldoarloch yn Fryslân behannelje.

It Spoekskip fan Geart van der Zwaag (1924-1989) giet oer twa broers oan de ein fan de oarloch dy't ûnderdûkt binne op in skûte yn it wetterlân by Grou. Op in dei komme twa Dútske deserteurs by har oan board, jonge soldaten dy't as ûnderdûkers feilich de ein fan de oarloch ôfwachtsje wolle. *It Spoekskip* jout in treflik byld fan it libben yn it midden fan Fryslân yn de lêste oarlochsmonaten, doe't dit gebiet letterlik ûnder wetter drige te rinnen.

It trelit mei de Dútske deserteurs – ien fan de 'fergetten' aspekten fan de oarloch - wurdt troch Geart van der Zwaag sûnder in spoar fan heroyk en moralisme beskreaun.

It Spoekskip is it iennichste langere proazawurk dat Van der Zwaag skreaun hat en is yndertiid postúm ferskynd. Van der Zwaag wie dichter en ien fan de oprjochters fan Operaesje Fers.

It pak fan ús heit is in ûntroerend boek oer in famke fan in jier of acht dat op in pleats opgroeit. Heit is NSB'er. Om dy reden wurdt se op skoalle ferskriklik narre. Nei de oarloch wurdt har iensumheid allinne mar grutter. It slimste fan alles is miskien wol dat se mei har fertriet net iens by har mem oankomme kin, want mem hat it foar har gefoel noch swierder as sy. Jaitsche Wassenaar hat dit autobiografyske ferhaal hiel ynhâlden ferteld. De oarspronklike yllustraasjes fan Laurens Bontes binne ek yn dizze edysje opnommen.

In ûnbetelle rekken is skreaun troch Anne Wadman. Yn dizze novelle beskriuwt er de freonskip mei in jonge homoseksuele studint dy't yn syn ientsje as yllegaal in spionaażenetwurk begûn. Ek dat is in minder bekend aspekt fan de Twadde Wrâldoarloch. Wadman ûntliende de stoffe foar syn romans gauris oan wier barde foarfallen út de besettingstiid. De haadpersoanen yn syn romans binne perfoarst gjin helden, lykas de sprekwurdlike titel fan ien fan syn bekendste boeken *Kûgels foar in labbekak* al sjen lit.

De omslachfoto foar dit boek is makke troch Roelof Horreüs de Haas (1904-1988), dy't yn de oarloch ûnderdûkt siet op de pleats Heech Hiem by Grou en dêr prachtige foto's makke dy't te sjen wiene yn it Verzetsmuseum Friesland te Ljouwert op de tentoanstelling 'Onderduikparadijs Fryslân' (2006). De foto is ek publisearre yn it boek, *Onderduiker in het hart van Friesland, september 1944-april 1945*, (2004, Zwolle), in útjefte fan de Erven Horreüs de Haas.

Boekynformaasje:

De fergetten oarloch, omnibus, útjûn troch Friese Pers Boekerij bv, Ljouwert, 2008.

De omnibus bestiet út:

Geart van der Zwaag, *It spoekskip. In oarlochsferhaal út it wetterlân*, oarspronklike edysje út 1990; Jaitsche Wassenaar, *It pak fan ús heit*, 1993. Mei de orizjinele yllustraasjes fan Laurens Bontes; Anne Wadman, *In ûnbetelle rekken*, 1992. Omslachfoto: Roelof Horreüs de Haas. Omfang: 280 siden; ISBN 978 90 330 0689 0; Ferkeappriis: € 19,50.